

Modelkontrakt foar de útjefte fan in oersetting fan in literêr wurk

fêststeld op 19 juni 2012, as feroare ferzje fan it op 1 maart 2004 jildende modelkontrakt, foarsjoen fan in oanpaste taljochting, troch de Literaire Uitgeversgroep (LUG) fan de Groep Algemene Uitgevers (GAU) en de Vereniging van Letterkundigen (VvL), dy't part útmakket fan 'e Vereniging van Schrijvers en Vertalers (VSenV)

De ûnderskreaunen,

(1) . . .

hjernei te neamen 'de oersetter' oan 'e iene kant en

(2) . . .

hjernei te neamen 'de útjouwer' oan 'e oare kant, binne dit oerienkommen.

Kêst 1 Oersetting

1. De oersetter verbynt him ta it leverjen fan in nei ynhâld en styl krekte en treftige *Fryske / Nederlânske* oersetting streekrjocht út it oarspronklike wurk.

2. Oangeande bekoarting of oare wiziging wurdt it neikommende bepaald:

a. de útjouwer ferplichtet him om oanwizingen fan de oarspronklike auteur oer winske bekoartingen of oare wizigingen yn it oarspronklike wurk ta kundskip fan de oersetter te dwaan, mei de ynstruksje om dy oanwizingen by it meitsjen fan de oersetting yn acht te nimmen;

b. bekoarting of oare ingripende wijziging fan de opdroegen en útfierde oersetting kin inkeld en allinne barre mei tastimming fan de oersetter.

3. De útjouwer frijwarret de oersetter tsjin oanspraken fan treden oangeande de yn lid 2 sub a fan dat kêst bedoelde bekoarting of oare wiziging.

Kêst 2 Lisinsje

1. De oersetter jout de útjouwer mei útsluting fan himsels en alle oaren in lisinsje om de troch de oersetter *makke/te meitsjen* oersetting, dêr't de titel foarearst is fêststeld is op: . . ., itjinge de oersetting is fan it oarspronklike wurk, dêr't de titel fan is: . . ., fan de auteur: . . ., útjefte en printinge dy't as basis foar de oersetting jilde (sille):. . ., oantal wurden: . . ., yn boekfoarm en/of yn e-boekfoarm yn de *Fryske /Nederlânske* taal út te jaan en te eksploitearjen. In e-boek is in digitaal bestân dat de ynhâld fan de oersetting befettet.

De útjouwer beslút nei oerlis mei de oersetter oer de titel en eventueel ûndertitel dêr't de oersetting ûnder útjûn wurde sil.

2. De oersetter ferklearret dat er it folsleine auteursrjocht op de oersetting besit en frijwarret de útjouwer foar oanspraken fan treden op dizze oersetting.

3. De oersetter machtiget de útjouwer fêststeand om it út syn auteursrjocht folgjende foech út te oefenjen foar de beskerming en it behâld foar treden oer fan it by dizze oerienkomst oan de útjouwer takende foech en dêrta, op eigen kosten en by need op namme fan de oersetter, yn likegoed as bûten it rjocht op te treden. De útjouwer is holden om de oersetter op de hichte te bringen oer maatregelen dêr't ta kommen wurde moat. Partijen ferplichtsje har om inoar alle winske meiwurking te jaan en op earste fersyk alle nedige gegevens te jaan.

4. Yn gefal de útjouwer troch de auteur fan it oarspronklike wurk machtige is om hokfoar njonkenrjocht lykas bedoeld yn dit kêst út te oefenen, sil de oersetter him konformearje oan in him troch de útjouwer oanbeane regeling foar it hielendal of foar in part brûken fan syn oersetting dêrby, útsein it gefal dat de oersetter yn ridlikens en binlikens ta it oardiel komme kin dat er dêrtroch yn syn belangen skeind wurdt. Dit jildt ek foar eksploitaasjerjochten dy't yn 'e tiid fan it sluten fan de oerienkomst noch net foarsjoen wurde koene.

5. Yn acht nimmende dat de oersetter fan de útjouwer de hjirnei neamde persintaazjes krijt fan de netto-opbringst fan de oanbelangjende eksploitaasjes, ferklearje partijen dat de yn lid 1 oan de útjouwer jûne eksklusive lisinsje mei de neikommende eksploitaasjerjochten omfettet:

- a. it oernimmen fan in part fan de oersetting yn in blomlêzing, kompilaasjewurk of oars (. . . %);
- b. it publisearjen fan in part fan de oersetting, op te nimmen as foarpublikaasje of oars yn in krante, in tydskrift of oar medium (. . . %);
- c. it iepenbier meitsjen yn net-wizige foarm fan it gehiel of in part fan de oersetting, itsij foar publyk, itsij foar radio of tillefyzje (. . . %);
- d. it publisearjen fan it gehiel of in part fan de oersetting as feuilleton yn in krante of in tydskrift (. . . %);
- e. it mannichfâldigjen fan it gehiel of in part fan de oersetting troch it fêstlizzen dêrfan op lûd- en of bylddragers en it iepenbier meitsjen fan dy mannichfâldigingen (. . . %), en dêrûnder bygelyks as harkboek;
- f. it bewurkjen fan de oersetting foar radio, tillefyzje, film, oare audiofisuele produksjes en foar toaniel (. . . %);
- g. it fergees meiwurkjen oan it meitsjen en fergoedingsfrij ta beskikking stellen fan de oersetting foar oanpaste útjeftes foar blinen en oars fisueel handikapt (0 %).

Foarôfgeand oan it útoefenjen fan de eksploitaasjerjochten neamd ûnder lid 5 sub f is skriftlike tastimming fan de oersetter fereaske, ien en oar mei it achtslaan fan it bepaalde yn lid 4.

6. De útjouwer is berjochtige om eksploitaasjerjochten dy't net of beswierlik yndividueel útoefene wurde kinne, mei út namme fan de oersetter út te besteegjen oan organisaasjes dy rjochte binne op kollektyf tafersjoch fan auteursrjochten, ien en oar foarsafier't dat net al út de wet folget, mei it achtslaan fan it hjirûnder bepaalde:

- a. it reprografysk mannichfâldigjen fan it gehiel of in part fan de oersetting en it iepenbier meitsjen fan dy mannichfâldigingen foarsafier't it útoefenjen fan dat rjocht net by wet opdroegen is oan de Stichting Reprorecht (. . . %);

- b. it útlienen fan de oersetting; foarsafier fereaske en ûnder foarbehâld fan oanbelangjende troch de GAU en de Stichting LIRA ('LIRA') makke ôfspraken, jouwe oersetter en útjouwer hjirby opdracht oan LIRA om it oersettersoanpart fan foar de útjefte troch de Stichting Leenrecht ynkasearre jilden út te kearen oan de oersetter neffens it troch lêstneamde Stichting goedkarde repartysjereglemint; de útjouwer sil it útoefenjen fan it rjocht op in fergoeding folgjend út it útlienen fan it wurk yn it bûtenlân opdrage oan de Stichting Leenrecht (. . .%);
- c. de oersetter draacht hjirby oan de útjouwer de hjirûnder neamde rjochten oer ûnder de útstellende betingst dat de útjouwer dy rjochten oerdracht oan LIRA:
- it lyktidich trochjaan fia de kabel fan de troch radio of tillefyzje útstjoerde oersetting (. . . %);
 - it lyktidich iepentlik sjen of hearre litten fan tillefyzje- en/of radio-útstjoeringen fan de oersetting (. . .%);
 - it iepentlik sjen of hearre litten fan meganyske reproduksjes fan de oersetting, oars as troch de wei fan tillefyzje- en/of radio-útstjoeringen (. . .%);
 - it rjocht op in fergoeding ûntliend oan de wetlike heffingen op lûd- en/of bylddragers (. . . %).

De útjouwer oanfurdiget dy oerdracht en de ferplichting om dy rjochten oer te dragen oan LIRA. De oersetter moat oan de útjouwer opjaan oft er yn foarkommende gefallen syn oandiel yn de fergoedingen fia de útjouwer, of fan LIRA winsket te krijen.

As oan it oanslutingskontrakt tusken de útjouwer en LIRA in ein makke wurdt, sil LIRA ferplichte wurde dy rjochten werom oer te dragen oan de oersetter sadree't dat mooglik is.

d. as de oersetter in eksploitaasjeoerienkomst sletten hat mei in organisaasje dy't ien of mear fan de yn lid 5 of lid 6 neamde eksploitaasjerjochten al út namme fan him útoefenet, lykas bygelyks mei LIRA, SABAM, BUMA STEMRA of VEVAM, moat de oersetter dat foar it ôfsluten fan dizze oerienkomst skriftlik melde oan de útjouwer.

7. De útjouwer sil de oersetter op 'e hichte bringe fan de troch him mei treden sletten oerienkomsten oangeande de yn lid 5 neamde eksploitaasjerjochten, wannear't dêrút foar de oersetter in bedrach fan mear as twahûndertenfyftich euro folget, itjinge de ynformaasjeplicht út krêft fan kêst 11 fan dizze oerienkomst ûnferoare lit.

8. De yn lid 1 oan de útjouwer jûne eksklusieve lisinsje omfettet tagelyk it foech om út namme fan de oersetter tastimming te jaan oan in oare útjouwer foar in aparte lisinsje-útjefte, sûnder dat dêrtroch oan de oare útjouwer it rjocht jûn wurdt om op syn bar mei treden oer it wurk te ûnderhanneljen en te kontraktearjen. De útjouwer sil it de oersetter skriftlik witte litte sadree't soksoarte fan tastimming jûn is. Altyd krijt de oersetter op syn minsten it yn kêst 10, lid 2 of yn foarkommende gefallen it yn kêst 10, lidden 6 en 7 neamde honorarium, te berekkenjen fan it earste ferkochte eksimplaar ôf. De útjouwer bliuwt ferantwurdlik foar it ôfreakkenjen fan dat honorarium oan de oersetter.

Kêst 3 Termyn útjefte

1. De útjouwer ferbynt him om de oersetting foar syn rekkening en risiko út te jaan binnen in termyn fan achttjin moannen nei ynleverjen fan de folsleine c.q. folslein redigearre kopij.

2. De útjouwer hat it rjocht om de yn it foarrige lid neamde termyn ienkear mei op syn heechst seis moannen te ferlingjen. Hy jout de oersetter dêrfan skriftlik berjocht ûnder opjefte fan de bysûndere redenen dy't dat ferlingjen needsaaklik meitsje.

Kêst 4 Oplaach en priis

1. De útjouwer bepaalt de grutte fan de oplaach en de ferkeappriis. Dy ynformaasje is fan de dei fan ferskinning fan alle útjeften ôf foar de oersetter beskikber. Op fersyk fan de oersetter sil de útjouwer dy ynformaasje ek skriftlik oan de oersetter befêstigje. Yn ieder gefallen sil de útjouwer de oersetter by it ôfrekkenjen lykas bedoeld yn kêst 11 fan dy ynformaasje foarsjen.

2. Ofhinklik fan de aard fan it wurk en it type fan de útjefte sil in troch de útjouwer nei ridlikens fêst te stellen oantal eksimplaren net foar de ferkeap bestimd wêze. Oer dizze eksimplaren wurdt gjin honorarium útkeard.

Kêst 5 Ynleverjen folsleine kopij

1. De oersetter *ferbynt him om /hat al* de folsleine kopij op syn lêst op . . . yn hannen fan de útjouwer *te stellen /steld*.

2. De kopij moat foldwaan oan de by it bedriuw fan de útjouwer gebrûklike húsregels, dêr't de oersetter fan tefoaren troch de útjouwer oer ynformearre wurdt.

3. De útjouwer moat binnen tritich dagen nei ynleverjen fan de kopij syn eventuele beswieren tsjin de kwaliteit fan de ynhâld fan de kopij kenbaar meitsje. As de útjouwer de kopij akseptearret, heart it ta de taak fan de útjouwer om by need, op kosten fan de útjouwer, de kopij yn oerlis mei de oersetter te redigearjen. As de útjouwer lykwols oermjittige kosten meitsje moat foar it redigearjen fan de kopij, sil earst yn oerlis mei de oersetter besjoen wurde oft de útjouwer ta redigearjen oergean sil en oft de kosten dêrfan foar in part yn mindering brocht wurde op it honorarium fan de oersetter.

As de kwaliteit fan de ynhâld fan de kopij net oan ridlike verwachtingen foldocht, en de oersetter net ree of by steat is om binnen in ridlike termyn noch oan syn oanbelangjende ferplichtingen te foldwaan, kin de útjouwer de kopij wegerje en beslute om ta it ûntbinnen fan de oerienkomst oer te gean. De oersetter is yn dat gefal, as it frege wurdt, holden om al oan him jûne foarskotten werom te beteljen oan de útjouwer binnen in moanne nei de datum fan it ûntbinnen fan de oerienkomst.

4. De oersetter is ferplicht op syn minsten ien bywurke duplikaat fan syn kopij, of in kopij dêrfan yn elektroanyske foarm, te bewarjen en dat op earste fersyk fergees oan de útjouwer ta beskikking te stellen as it orizjineel ferlern gien is of yn dusoarder rekke is.

5. By net op 'e tiid ynleverjen fan de folsleine kopij fan de oersetting is de útjouwer berjochtige de oerienkomst ûntbûn te ferklearjen as de oersetter nei dy skriftlik oanmoanne is, dêr't him in ridlike termyn gund is om noch oan syn ferplichtingen te foldwaan, benefter bliuwt. De oersetter is as it frege wurdt holden om oan him jûne foarskotten werom te betelje binnen in moanne nei de datum fan it ûntbinnen fan de oerienkomst. Yn gefal fan fersom fan de oersetter kin dy troch de útjouwer ferplichte wurde ta it fergoedzjen fan de skea, besteande

út ta it tijdstip fan it ûntbinen fan de oerienkomst foar de útjefte dêr't it om giet echt makke kosten.

6. De oersetter ferbynt him om de printkladden fan syn oersetting te behoffenjen en dy behoffene kladden binnen in ridlike, op 'e tiid oerien te kommen termyn oan de útjouwer werom te stjoeren. Mocht de útjouwer de behoffene kladden net binnen de ôfprate termyn weromkrigen hawwe, dan is er berjochtige it behoffenjen sels by de hân te fetsjen of oan in oar op te dragen en de kosten dêrfan te ferheljen op de oersetter.

7. Oan de earste printkladde ta hat de oersetter it rjocht om oanpassingen en korreksjes troch te fieren. As de oersetter dêrnei noch oanpassingen en korreksjes yn de printkladde winsket oan te bringe en de kosten dêrfan heger binne as de kosten dy gongber binne foar de korreksje fan in printkladde fan dy grutte, kinne de kosten fan dy ekstrakorreksje, foarsafier't dy in bedrach fan hûndert euro te boppe gean, troch de útjouwer ta lêst fan it honorarium dat oan de oersetter betelle wurde moat, brocht wurde.

8. Yn gefal de oersetter konfrontearre wurdt mei ekstra wurk troch ûnferhoedse omstannichheden dêr't er gjin ynfloed útoefenje kinnen hat, is de útjouwer holden dy yn ridlikens en binlikens te honorearjen. De hichte fan de fergoeding moat yn oerlis ûnderinoar fêststeld wurde.

Kêst 6 Eksploitaasje

1. De einferantwurdlikheid en it beslissingsfoech oer de manier fan eksploitaasje en oer de definitive foarmjouwing fan in útjefte berêste by de útjouwer.

2. De útjouwer is ferplicht om yn alle eksimplaren fan de útjefte it jiertal fan de útjefte, werprintinge of werútjefte te neamen, alsmede it teken © oanbringe te litten, mei it neamen fan it jier fan earste útjefte en de namme fan de oersetter, eventueel mei it taheakjen fan 'op adres' of 'c.o.' en de namme fan de útjouwer.
De oersetter sil yn de útjefte fan de oersetting sa úttsjut wurde: . . .

3. De útjouwer ferplichtet him om de namme fan de oersetter of it troch de oersetter winske pseudonym dúdlik sichtber yn of op de útjefte te neamen.

4. Wannear't foar promosjonele doelen in part fan it wurk op ynternet of oars yn elektroanyske foarm troch de útjouwer of troch de oersetter publisearre wurdt, sil dat part yn begjinsel net mear as 2500 wurden fan it wurk bedrage, of yn gefal fan poëzij yn begjinsel net mear as 100 rigels, of it moast wêze dat oars is oerienkommen.

Kêst 7 Presinteksimplaren

De oersetter krijt by it ferskinen fan de oersetting yn boekfoarm acht eksimplaren fergees en by elke werprintinge as it winske wurdt fjouwer eksimplaren fergees. By útjefte yn elektroanyske foarm wurde dêroer neiere ôfspraken makke. De útjouwer stelt by it ferskinen fan de earste útjefte op fersyk fan de oersetter ek op syn heechst fiif ekstra presinteksimplaren beskikber foar it Nederlands Letterenfonds.

Kêst 8 Oergong rjochten by deagean

1. De rjochten en ferplichtingen fan de oersetter gean, foarsafier't dy gjin persoanlik wurk oanbelangje, nei syn dea oer op syn erfgenamten of oare rjochtwINNERS.

2. Binne der mear rjochthawwers dan moatte dy ien persoan oanwize dy't har fertsjintwurdiget yn alles wat dizze oerienkomst oangiet. Salang't sokke oanwizingen net har beslach krigen hawwe, wurdt in eventuele betelplicht fan de útjouwer útsteld. Beteljen troch de útjouwer oan de oanwiisde fertsjintwurdiger befrijet de útjouwer tsjinoer alle rjochthawwers.

Kêst 9 Oerdracht oerienkomst

1. De útjouwer kin syn rjochten en ferplichtingen út dit kontrakt oan in oare útjouwer oerdrage. Sa'n oerdracht wurdt earst fan krêft troch in skriftlike meidieling oan de oersetter. De útjouwer bliuwt persoanlik oanspraaklik foar de oerdroegen ferplichtingen fan de oare útjouwer foar de oersetter oer salang't der gjin skriftlike meidieling fan de oerdracht oan de oersetter dien is, of it moast wêze dat de oersetter skriftlik mei de oerdracht ynstimd hat.

2. As de oersetter yn ridlikens en binlikens ta it oardiel komme kin dat er troch in oerdracht as bedoeld yn lid 1 fan dit kêst yn syn belangen skeind wurdt, hat er it foech om de oerienkomst troch de rjochter ûntbine te litten. Dat foech ferfalt nei ferrin fan twa moannen neidat de oerdracht skriftlik oan him meidiel is.

Kêst 10 Honorarium

1. De oersetter sil as honorarium krije in bedrach fan € . . . , itjinge oerienkomt mei in royaltyhonorarium fan € . . . it ferkocht eksimplaar.

2. De oersetter sil as oanfoljend honorarium krije:

- a. by in útjefte as paperback en/of bûne edysje en/of in 'mid priced' edysje:
 - in royalty fan . . . % fan de ferkeappriis by mear as 4000 ferkochte eksimplaren;
 - in royalty fan . . . % fan de ferkeappriis by mear as 100.000 ferkochte eksimplaren.
- b. by in werprintinge yn pocketfoarm:
 - in royalty fan . . . % fan de ferkeappriis.
- c. by in útjefte yn e-boekfoarm:
 - in royalty fan . . . % fan de netto-opbringst fan de earste lisinsje dy't jûn is ôf;
 - in royalty fan . . . % fan de netto-opbringst by mear as 4000 jûne lisinsjes.
- d. as in titel inkeld en allinne yn e-boekfoarm ferskynt . . . % fan 4.000 jûne lisinsjes ôf.

3. Under ferkeappriis yn it foarrige lid sub a en b wurdt ferstien de troch de útjouwer offisjeel fêststelde ferkeappriis eksklusyf BTW. As de útjouwer gebrûkslisinsjes jout of (eksimplaren fan) it wurk ferhiert, wurde de yn lid 2 neamde persintaazjes berekkene oer de lisinsjefergoeding, frij fan BTW.

4. As de útjouwer in útjefte yn in oare foarm as de yn dit kêst neamde winske acht, sil it honorarium foar dy útjefte yn in oanfoljende oerienkomst tusken oersetter en útjouwer fêstlein wurde.

5. It honorarium oer de earste oplaach lykas bedoeld yn lid 1 fan dit kêst is sa opeaskber:

- a. 25% by ûndertekenen fan de oerienkomst;
- b. 75% tritich dagen nei ynleverjen fan de folsleine oersetting of, as de útjouwer om ynleverjen yn parten hat fersocht, nei rato fan it ynleverjen fan parten fan de oersetting, of it moast wêze dat de útjouwer yn niisneamde perioade de oersetting ôfkard hat.

6. Foar eksimplaren dy't oan in boekeklub levere wurde, krijt de oersetter in honorarium fan . . . % fan de ledepriis.

7. Foar eksimplaren dy't mei in koarting fan fiifenyftich of mear persint fan de ferkeappriis levere wurde troch tafoege ferkeapkanalen, lykas yn gefal fan relaasjekado's en ledewinaksjes, krijt de oersetter it jildende persintaazje op grûn fan it bepaalde yn lid 2, berekkene oer de netto-opbringst. De útjouwer sil de oersetter foarôfgeand oan it brûken fan dy tafoege ferkeapkanalen dêrfan yn kennis stelle.

8. De útjouwer kin fan de oersetter in Eigen Ferklearring of in Ferklearring arbeidsrelaasje (VAR) hawwe wolle, ear't er ta beteljen oergiet.

Kêst 11 Ofrekkenjen

1. Alle jierren, op syn lêst op . . . sil de útjouwer oer it foarôfgeande kalinderjier de oersetter in ôfrekkening stjoere, waarop op syn minsten foarkomme:

- a. de begjinfoarried fan de yn it oanbelangjende kalinderjier noch beskikbere oplaach;
- b. it folslein oantal eksimplaren fan de yn it oanbelangjende kalinderjier produsearre oplaach;
- c. it oantal yn it oanbelangjende kalinderjier ferkochte eksimplaren mei it neamen fan de partikuliere ferkeappriis en eventueel it oantal opromme eksimplaren en it oantal ferkochte e-boeken en de dêrby hearrende opbringst;
- d. it oantal ôfjûne presint- en besprekeksimplaren;
- e. it oantal skansearre eksimplaren, misprinten;
- f. de noch oanwêzige foarried net ferkochte eksimplaren, en dêrby yngegrepen de werom krigen eksimplaren;
- g. it bedrach fan it oan de oersetter út te beteljen honorarium;
- h. de nei oanlieding fan kêst 2 oan de oersetter takommende oare baten út de eksploitaasje troch de útjouwer of troch treden ('njonkenrjochten');
- i. de bedraggen fan de jûne foarskotten en de eventuele ekstrakorleksje dy't ta lêst komt fan de oersetter.

2. It bedrach dat de útjouwer sa't bliken docht oan dy ôfrekkening oan de oersetter betelje moat, is opeaskber fan ien moanne nei syn deitekening ôf.

3. Yn ôfwiking fan it yn lid 2 bepaalde kin de oersetter easkje dat de útjouwer binnen ien moanne oan him syn oandiel yn de bedraggen útkeart, dy't de útjouwer oangeande de eksploitaasje fan yn kêst 2 neamde rjochten of út reden fan opromjen fan treden krigen hat, mits dat oandiel op syn minsten twahûndertenfyftich euro bedraacht.

Kêst 12 Ynsjen boeken

1. As de oersetter foar it beoardieljen fan syn rjochten ferlet hat fan hokfoar gegeven út de boekhâlding en/of de stikken fan de útgjower ek, is de útgjower ferplicht om him fan in úttreksel út de boekhâlding of in kopy fan de stikken te foarsjen.

2. De oersetter hat it rjocht om ienkear jiers op eigen kosten:

- a. as it frege wurdt in ferklearring fan in registerakkountant, lid fan it NIVRA, te krijen by de yn kêst 11 bedoelde ôfrekking;
- b. de boeken en stikken fan de útgjower, dy't slaan op de eksploitaasje fan de oersetting, op it kantoar fan de útgjower troch in troch him oanwiisde registerakkountant, lid fan it NIVRA, kontrolearje te litten.

3. Mocht by kontrôle bliken dwaan dat de útgjower him yn it neidiel fan de oersetter oan net te ferwaarleazgjen flaters of fersommen oangeande de berekening fan it oan de oersetter takommende honorarium skuldich makke hat, dan komme, yn ôfwiking fan it yn lid 2 bepaalde, de kosten fan de kontrôle ta lêst fan de útgjower.

Kêst 13 Werprintinge

1. De útgjower hat it rjocht om hieltyd wannear't er dat winsklik achtet in werprintinge en/of nije ferzje fan de oersetting út te jaan.

2. De útgjower sil de oersetter op 'e tiid meidieling dwaan fan syn foarnimmen dêrta en dêrby de oersetter de gelegenheid bieden yn syn oersetting ferbetteringen oan te bringen, binnen in neier oerien te komme ridlike termyn.

3. Foar in werprintinge en/of nije ferzje jilde alle bepalingen fan dizze oerienkomst sa bedoeld, dat it ta te passen persintaazje op grûn fan it bepaalde yn kêst 10 berekkene wurdt útgeande fan it folslein oantal ferkochte eksimplaren.

Kêst 14 Termyn werprintinge

1. As de oersetting foar de doer fan fjouwer jier net mear leverber yn boekfoarm is by de útgjower, sil de útgjower binnen trije moannen nei in dêrta tsjinjend skriftlik fersyk fan de oersetter skriftlik ferklearje oft er it foarnimmen hat om in werprintinge yn hokfoar foarm en/of nije ferzje fan de oersetting út te jaan. Nei in befêstigjend antwurd is de útgjower ferplicht om de werprintinge en/of nije ferzje ferskine te litten binnen in termyn fan ien jier:

- a. nei it dwaan fan dizze ferklearring;
- b. nei ynleverjen fan de ferbettere kopij, yn gefal ferbettering needsaaklik is.

2. Op in werprintinge [en/of nije ferzje] as yn it foarrige lid bedoeld, binne kêst 13, lidden 2 en 3, fan oerienkomstige toepassing.

Kêst 15 Beëiniging

1. De oersetter hat it rjocht om dizze oerienkomst mei in opsisttermyn fan ien moanne te beëinigen:

- a. as nei it ferstriken fan de ferlinge útjeftermyn, as bedoeld yn kêst 3 lid 2 de oersetting net ferskynd is, ûnfermindere syn rjocht op skeaffergoeding;
- b. as de útjouwer in ferklearring lykas bedoeld yn kêst 14 lid 1, dien hat en dy werprintinge en/of nije ferzje net binnen in termyn fan ien jier nei it dwaan fan dy ferklearring of nei ûntfangst fan de ferbettere kopij ferskynd is;
- c. as de oersetter oan de útjouwer in fersyk dien hat lykas bedoeld yn kêst 14 lid 1 en de útjouwer anderet dat er net it foarnimmen hat om in werprintinge en/of nije ferzje út te jaan.

2. De oersetter hat it rjocht om dizze oerienkomst mei in opsisttermyn fan seis moannen te beëinigen as der inkeld (noch) sprake is fan in digitale eksploitaasje en de útjouwerij net langer beskikt oer de lisinsje foar útjefte fan it e-boek yn *Fryske /Nederlânske* oersetting. De útjouwer stelt de oersetter fuortendalik skriftlik yn kennis fan it ferfal fan de lisinsje.

3. De yn lid 1 en lid 2 bedoelde opsizzingen binne fan ûnwearde as en foarsafier't de útjouwer binnen de opsisttermyn sjen lit dat er yn it besit is fan de eksklusieve *Frysktalige /Nederlânsktalige* útjefterjochten op it oarspronklike wurk.

4. In slim tekoart fan in partij yn it neikommen fan dizze oerienkomst jout oan de tsjinpartij it foech om de oerienkomst hielendal of foar in part te ûntbinen, of it moast wêze dat it tekoart, sjoen syn bysûndere aard of lytse betsjutting yn ferhâlding ta de oangiene verbyntenissen, dat ûntbinen mei syn gefolgen net rjochtfeardiget. It ûntbinen hat gjin weromwurkjende krêft en kin allinne syn beslach krije troch rjochterlike tuskenkomst, lykwols inkeld en allinne nei't oan de tsjinpartij in ridlike termyn steld is dêr't it tekoart yn weinommen wurde kin foarsafier't neikommen net bliuwend ûnmooglik is.

5. As ferklearre wurdt dat de útjouwer yn it fallisemint sit of as syn bedriuw yn likwidaasje giet, hat de oersetter it rjocht de oerienkomst mei direkte yngong te beëinigen troch de wei fan in skriftlike meidieling oan de útjouwer.

6. As de útjouwer surseânse fan beteljen oanfreget, hat de oersetter it rjocht de oerienkomst mei it achtslaan fan in ridlike termyn te beëinigen troch de wei fan in skriftlike meidieling oan de útjouwer, of it moast wêze dat dat foar de útjouwer oer dúdlik ûnridlik is yn ferbân mei fuortsetting fan it bedriuw. Yn ferbân mei de yn acht te nimmen ridlike opsisttermyn is de oersetter berjochtige om mei direkte yngong fan de útjouwer te easkjen dat wissichheid steld wurdt foar eventuele betelferplichtingen fan de útjouwer foar de oersetter oer.

7. Nettsjinsteande it opsizzen of beëinigen fan dizze oerienkomst is de útjouwer berjochtige om de ferkeap fan de eksimplaren fan de oersetting dy't noch yn foarried binne fuort te setten, by need dêrby gebrûk meitsjend fan it him yn kêst 16 jûne foech. As de útjouwer de oersetter skriftlik meidielt hat fan fierdere eksploitaasje fan de oersetting ôf te sjen, hat de oersetter it rjocht de noch by de útjouwer oanwêzige ûnferkochte eksimplaren oer te nimmen tsjin beteljen fan fiifenfjirtich persint fan de ferkeappriis. Oer dy eksimplaren sil gjin royalty betelle wurde.

8. Yn gefal de útjouwer troch de auteur fan it oarspronklike wurk machtige is om nei beëiniging fan dizze oerienkomst nije eksploitaasjemoglikheden te benutsjen, sil de oersetter

him konformearje oan in him troch de útjouwer oanbeane regeling foar it hiele gebrûk of in part fan it gebrûk fan syn oersetting dêrby, útsein it gefal dat de oersetter yn ridlikens en binlikens ta it oardiel komme kin dat er dêrtroch yn syn belangen skeind wurdt. Yn it gefal dat mei de oersetter in regeling troffen wurdt, sil dizze oerienkomst dy regeling safolle as mooglik behearskje.

Mocht it oarspronklike wurk ûnderwilens ta it publyk domein hearre en winsket de oersetter nije eksploitaasjemoglikheden te benutsjen, al of net yn oparbeidzjen mei in oare útjouwer, dan sil de oersetter de útjefte fan syn oersetting earst oan de útjouwer ta publikaasje oanbiede en sil er de útjouwer foar de doer fan in ridlike perioade yn de gelegenheid stelle om de rjochten dêrop nei ridlikens en binlikens te winnen.

9. De útjouwer is ree om nei beëiniging fan dizze oerienkomst op fersyk fan de oersetter it aktuele digitale bestân fan it wurk, lykas beskikber, tsjin in ridlike fergoeding ta beskikking te stellen, ien en oar ûnfermindere eventuele oanspraken fan treden op de ynhâld of foarm fan it wurk.

Kêst 16 Ferleegjen / opheffing fan de priis

1. Wannear't nei ferrin fan in jier nei ferskinen fan hokfoar printinge bliken docht dat it restant fan de oplaach by de útjouwer nei dy syn oardiel tsjin de fêststelde priis ûnferkeapbaar is, hat de útjouwer it foech om de priis fan de útjefte te ferleegjen. De oersetter krijt dan it persintaazje fan de royalty op grûn fan it bepaalde yn kêst 10, berekkene oer de ferlege priis.

2. Yn it gefal lykas yn it foarrige lid bedoeld, hat de útjouwer tagelyk it foech om de priis fan de útjefte op te heffen en it restant fan de oplaach yn de foarm fan in partij yn ien kear oan in opkeaper of yn de foarm fan âld papier of oars fan 'e hân te dwaan. Oer dy eksimplaren hoecht oan de oersetter gjin royalty betelle te wurden. De útjouwer is ferplicht om de oersetter fan dit foarnimmen op de hichte te bringen en him foar de doer fan in termyn fan fjouwer wiken yn de gelegenheid te stellen it restant fan de foarried of in part dêrfan oer te nimmen tsjin de priis dy't in opkeaper ree is dêrfoar te beteljen.

Kêst 17 Untbinen / rjochtsferhâlding nei beëiniging

1. Utsein yn it gefal lykas bedoeld yn kêst 5 lid 6, en ek yn gefal fan goedfinen fan wjerskanten, kin dizze oerienkomst inkeld en allinne ûntbûn wurde troch rjochterlike tuskenkomst.

2. Yn alle gefallen dat dizze oerienkomst einiget, behearsket dy de rjochtsferhâlding tusken partijen bliuwend yn gefal fan mannichfâldigjen en/of iepenbiermakking fan it hiele wurk of in part fan it wurk troch treden, dêr't gebrûk by makke is c.q. wurdt fan de troch de útjouwer yn it ferkear brochte útjefte. Boppedat bliuwt dizze oerienkomst dy rjochtsferhâlding behearskjen foarsafier't dat foar it berêden dêrfan needsaaklik is.

Kêst 18 Wiziging

Neist dizze oerienkomst jilde gjin eardere of latere mûnlinge ôfspraken; earder makke ôfspraken (mûnling of skriftlik) ferfalle, of it moast wêze dat beide partijen yn dit kontrakt of

yn in letter kontrakt skriftlik troch beide partijen ûnderskreaun binne respektivelik fêstlein wurde sille. Ek yn de no foarlizzende oerienkomst te wizigjen, ferfallen te ferklearjen of oan te foljen (ôfwikende) bepalingen binne allinne mar rjochtsjildich wannear't dy skriftlik, troch beide partijen ûnderskreaun, fêstlein binne.

Kêst 19 Adreswiziging

De oersetter ferplichtet him om fan alle adreswizigingen fuortendalik skriftlik meidieling te dwaan oan de útjouwer. Yn gefal de útjouwer him skriftlik ta de oersetter keare moat, is er desjarzjearre wannear't er dat docht oan it lêste adres dat de oersetter him skriftlik te witten dien hat.

Kêst 20 Netto-opbringst

Dêr't yn dizze oerienkomst sprutsen wurdt oer netto-opbringst, ferstean partijen dêrûnder de troch de útjouwer krigen fergoeding dy't yn foarkommende gefallen fermindere is mei de jûne hannelskoarting, provisy foar tuskenpersoanen, betellingen oan rjochthawwer(s) fan it oarspronklike wurk en omsetbelesting. Foar e-boeken jildt dat ûnder netto-opbringst ferstien wurdt it bedrach dat de útjouwer krijt fan de tuskenhannel, fermindere mei de BTW. Dat bedrach sil yn de regel syn beslach krije op basis fan de troch de útjouwer hantearre advyspriis minus de mei de tuskenhannel ôfprate koarting en is ûnôfhinklik fan de úteinlik troch de ferkeaper hantearre ferkeappriis.

Kêst 21 Nederlânsk rjocht

Foar de fêststelling en útfiering fan dizze oerienkomst is inkeld en allinne it Nederlânske rjocht fan tapassing.

Kêst 22 Skeel

Partijen sille, of it moast wêze dat hja oars oerienkomme, skeel oangeande dizze oerienkomst foarlizze oan de befoege rjochter.

Bysûndere bepaling(en) (opsje)

...

Sa oerienkommen en ûnderskreaun yn . . . eksimplaren, dêr't . . . eksimplaren fan oerjûn binne oan de útjouwer en . . . oan de oersetter, yn . . . op . . .

De oersetter: . . .

De útjouwer: . . .

N.B.: De kursyf printe sinsparten yn de kêsten 1.1, 2.1, 5, 14.2 en 15.2 binne alternative mooglikheden dy't troch partijen al nei de makke ôfspraken trochstreke wurde moatte.